

Oertinking: frijheid

Lêzings:

Genesis 1, it hiele earste haadstik oer de skepping

Twadde lêzing: Lukas 15, fers 11 oant en mei 13a: in stikje út de gelikenis fan de ferlerne soan.

Tredde lêzing: Mattéus 22, fers 34 oant en mei 40: it grutte gebod.

De oanset ta de oertinking fan hjoed wie de preek fan dûmny Klooster fan inkelde wiken lyn oer it útstjoeren fan de tolve spionnen. Jim kinne it neilêze yn Numeri 13, mar hiel koart noch efkes in gearfetting.

Neidat God it folk Israël út de slavernij fan Egypte befrijd hat, binne se oankommen by de grinzen fan it ûnthjitten lân, dat God har tasein hat. Mozes stjoert der dan 12 man op út om it lân Kanaän te ferkennen. Nei fjirtich dagen komme de mannen werom en hja berjochtsje, dat Kanaän in poerbêst lân is, mar dat se it yn besit nimmen fan dat lân wol ferjitte kinne, want der binne allegear fersterke stêden, sterke keardels en sels reuzen.

Hiele Israël seit dan tsjin Mozes en God: "Och wiene we mar yn Egypte bleaun. Soe it de baas net wêze en gean nei Egypte werom?"

De preek fan dûmny Klooster gyng benammen oer it feit, dat in soad minsken benaud binne om frij te wêzen. Altyd wer bejouwe in soad minsken har frijwillich yn de slavernij, wylst se troch God skepen binne om frij te wêzen.

Oer dat frij wêzen fan de minsken, en oer de ferantwurdlikens, dy't dat foar ús meibringt, wolle wy fan 'e moarn neitinke.

Dat woe ik dwaan oan de hân fan it earste skeppingsferhaal út Genesis. Ien fan de meast poëtyske stikken út de hiele Bibel. En tagelyk is it folle mear as in wier bard ferhaal: it is in leauwensbelidenis yn Jahweh, de God fan Israël, de Skepper fan 'e wrâld.

Want wylst it bestean en de almacht fan God foar de skriuwer fan dit earste bibelhaadstik in fanselssprekkendheid is, is dat hjoeddedei net mear sa.

Ek de útspraak "En God seach dat it goed wie", ropt tsjintwurdich mear fragen en wjeraksel op as ynstimming.

Want as wy sa'n ferhaal hjoed op de strjitten fan Earnewâld en de wrâld dêr om hinne hâlde soene, koene wy in soad fragen ferwachtsje.

Want de fraach nei it "**WÊROM?**" en de **SIN** fan wat der op de wrâld bart en wat minsken dogge, is in fraach fan alle tiden en alle minsken.

Hat myn deistige wurk sin?

Myn wrotten foar Doarpsbelang en de Tsjerke? Myn gepiel yn de fuotbalklub?

Dy fragen benuwe ús noch mear as wy sjogge nei de **sinleaze** dingen dy't der barre yn de wrâld:

Oarloggen rûnom. It útmoardzjen fan miljoenen yn Afrika. Meindert Tjoelker wurdt deagewoan deaskopt, deagewoan. Sinleaze auto-ûngelokken, syktes en gean sa mar troch.

En elk fan jimme kin der út it deistich libben sa wol tûzen oare foarbylden by betinke.

Unyk

No sille wy de fraach fan sin en ûnsin fan it bestean net beäntwurdzje kinne. Dochs hat de man dy't it skeppingsferhaal skreaun hat, al tûzenen jierren lyn, ek neitocht oer it hoe en it wêrom fan it minsklik bestean. Want it is net om 'e nocht dat hy dêr seit, dat de minske skepen is nei it byld en de likenis fan God.

Ek foar de minsken, dy't net leauwe kinne of wolle yn in God, is it nijsgjirrich om te sjen wat hjir sein wurdt. Want dizze útspraak is allinne te begripen as wy witte, dat de Joaden fan har God leauwe dat Er de **iennichste** God is, dat Er **UNYK** is.

Dat belide de Joaden altyd wer en ek oan de ein fan syn libben sil in Joad it "Sjema Jisraël" útsprekke: "Harkje Israël, de Heare ús God is Ien".

Mei de wurden "nei ús byld en likenis" wol de skriuwer dus blykber sizze, dat ek de minske UNYK is.

Yn in tiid dat in minskelibben net in sint wurdich liket te wêzen, is it goed om te leauwen, dat alle minsken **UNYK en de muoite wurdich** binne. Noch mear sels: alle minsken, alle folken hawwe it rjocht om **HARSELS** te wêzen, UNYK en as jo it wolle: hielendal **OARS**.

Frij

It twadde wat de Joaden fan har God leauwe is, dat Er soeverein is. Dat wol sizze: frij om te dwaan en te litten wat Er wol.

Fansels is dit faak sa útlein, dat alles wat der op ierde bart, feroarsake wurdt troch in Almachtige God. Op katechesaasje ha wy dat sels noch út de holle leare moatten.

Ik wol der hjir mei folstean troch te wizen op de minsklike ferantwurdlikens foar in hiele soad lijen op de wrâld, mar fansels is dat dochs ek wer te koart om de hoeke.

Dêrom werom nei de de skriuwer fan Genesis, dy't hjir suver dwaande is mei it opstellen fan de Universele Ferklearring fan de Rjochten fan de Minske.

Alle minsken en alle folken hawwe it rjocht op **FRIJHEID**.

Dêrom haw ik hjir as foarbyld fan dat rjocht op frijheid in hiel lyts stikje lêzen út de gelikenis fan de ferlerne soan. Yn de foarlêste Earn haw ik oer dizze yndrukwekkende gelikenis ek al ris in koart stikje skreaun. Ik haw it doe oer in pear oare aspekten fan dit ferhaal hân, mar yn de earste fersen fan de gelikenis wurde ek in pear opfallende saken beskreaun.

Yn it foarste plak seit de soan tsjin syn heit: "Jou my myn part fan it besit."

??? Ik haw hjir in pear grutte fraachtekens delset, want wêr slacht soks no op? Want sawol yn it Israël fan 2000 jier lyn as de hjoeddeistige westerske wrâld wurdt it erfskip pas ferparte as de heit ferstoarn is. Boppedat hie de jongste soan yn it Israël fan destiids amper rjochten op in part fan it besit: dat kaam ta oan de âldste soan.

Likegoed: de heit, God, jout syn soan in part fan it besit en lit him de wide wrâld yngean.

Sa krije ek wy ús part fan it besit fan God: Syn skepping.

It twadde wat ús hjir opfalt, is dat dit wol in hiele aparte heit is. As ik de heiten en memmen hjir yn tsjerke ris oereagje, dan tink ik dat se har bern earst in hiele rige warskôgings en preken meijaan soene: "Jonge, wat dochst no?" Hiel terjocht fansels, want dat ûnderfûn de soan yn dit ferhaal mar al te gau.

Mar God is gjin gewoane heit. Hy hat syn bern op ierde delset, se in goede opfieding jûn en Syn Wurd, dêr't se altyd op weromfalle kinne en hy lit ús gean. Frij, mar net hielendal.

Ferantwurdlik

Want daalk neidat de minske syn grûnwetlike rjochten krigen hat, krijt de minske neffens de skriuwer fan Genesis de taak om op de wrâld te passen en de **ferantwurdlikens** foar dizze ierde tabetroud.

Spitigernôch giet it dêr faak ferkeard. Want wy wolle allegear wol frij en ússels wêze. Mar ek hjoeddedei binne der in soad minsken, dy't har ferantwurdlikens foar oare minsken net oankinne.

Hja miene frije minsken mei wapens of oare middels (ekonomysk machtsmisbrûk bygelyks) yn har rjochten bekrinke te moatten.

As gefolch fan sok egoïstysk tinken en hanneljen wurde miljoenen minsken knoeid yn har minske-wêzen en falle der miljoenen deaden.

Wylst guon minsken omkomme fan hongere, binne oaren dwaande noch mear jild en wielde nei har ta te klauwen.

Dêrom hawwe wy dan ek it stikje út Mattéus lêzen oer it grutte gebod.

Want wylst God oarspronklik ta koe mei tsien geboaden, makken de Joaden der noch mear as 600 by. Mar Jezus fettet alles gear yn twa geboaden:

1. God leafhawwe en
2. Do silst dyn neiste leafhawwe sa'st dysels leaf hast.

Wy binne frije minsken, mar de iennichste beheining fan dat rjocht is, dat jo by it útoefenjen fan jo rjocht op frijheid in oar syn rjochten net bekrinke meie of in oar skea dwaan.

It is aktueel om te sizzen, dat wy ek net it rjocht hawwe om ús miljeu, Gods' skepping, út te rûpeljen en te ferneatigjen.

Koart gearfetsjend:

**Wy en ús meiminsken binne unyk en de muoite wurdich;
en wy ha allegear it rjocht om ússels te wêzen.**

Mar dat moatte wy dan wol doarre! Want oars binne wy krekt lykas it folk Israël út de preek fan dûmny Klooster, dat net doarst te betrouwen op it wurd fan God. En miskien treft ús dan wol itselde lot as Israël, en moatte ek wy fjirtich jier yn de woastyn omdoarmje. Wolle wy noch fjirtich jier yn de woastyn omdoarmje?

Of doarre wy de reis mei God oan?

Amen.